Akkoart Smellingerlân

Akkoord Smallingerland

2022-2026



# Meielkoar dogge wy mear

# Samen doen we meer

Drachten | Smallingerland

# Ynlieding

## *Meielkoar dogge wy mear*

Yn Smellingerlân komme de minsken op it foarste plak. De krêft fan ús gemeente is de krêft fan de mienskip. De wichtichste wearden dy't part binne fan dizze krêft binne persoanlik, meielkoar en dwaan. Se foarmje de kearn fan ús wize fan meielkoar libje, wurkje en leare. Sy fertsjinwurdigje de krêft fan Smellingerlân. Wy stypje inoar wêr nedich en stimulearje inoar yn ús ambysjes. Dy krêft wolle wy ynsette foar it wurkjen oan in sosjale en tierige takomst. Yn alle wiken en doarpen. Foar alle ynwenners, ûndernimmers en talinten.

Wy wurkje meiinoar oan oplossings foar de útdagings dy't we sjogge. Dit dogge we fanút betrouwen en dêrby is it wichtich dat it ferlet foarop giet en net de regels. As wy allegear meidogge en goed gearwurkje, dan witte we wat we fan inoar ferwachtsje kinne. We sette ús yn foar in sûne, feilige en oanloklike omjouwing. Dêrby fine wy duorsemens en ús eigen Smellingerlânske identiteit belangryk: Drachten, De Pein, Aldegea, Nijegea, De Tike, De Rottefalle, Drachtster Kompenije, Houtigehage, De Wylgen, Smelle Ie, Goaiingahuzen, De Feanhoop, Koartehimmen en Boarnburgum. Sa wurkje we ek oan in fitale ekonomy. In ekonomy dêr't eltsenien wurk hat, sjoen wurdt en in seker bestean opbouwe kin.




It gemeentebestjoer is tsjinstber oan de mienskip troch der foar de ynwenners en ûndernimmers te wêzen. De oerheid is der om goed gearlibjen mooglik te meitsjen foar eltsenien. In betroubere oerheid leit ferbinings troch minsken byinoar te bringen, is dúdlik oer kânsen en mooglikheden en jout minsken wissigens. De oerheid is der ek om ûnrjocht te bestriden, sy moat rjochtfeardich wêze. De oerheid moat each hawwe foar minsken dy't kwetsber en ôfhinklik binne en dyjingen (pro)aktyf stypje.

We sille fan Smellingerlân in better plak meitsje en dêrom sille we de kommende jierren úteinsette dat doel te berikken. Us generaasje is de earste dy't, neffens SDG-Nederland, de middels hat en meitsje de transysje nei in wrâld mei mear woltier en minder ûngelikens. In wrâld wêryn't we bioferskaat en klimaat beskermje en dêr't elts in plak hat. Duorsemens is it liedend kearnstik fan ús omjouwingsfyzje. We sette yn op it ferduorsemjen fan de mienskip.

De agraryske sektor is histoarysk besjoen in wichtige pylder fan de Fryske en Nederlânske ekonomy en dêrmei ek fan de mienskip. We steane foar in fitaal plattelân, it wêzen fan de agraryske sektor is dêryn essinsjeel.

Foarkomme is de grûnslach yn it sosjaal domein, wêrby't we steane foar in ynklusive mienskip. Eltsenien is wolkom en kin dielnimme. Normalisearring betsjut it omearmjen fan ferskaat tusken minsken en it werkennen fan problemen fan minsken sûnder dat der fuortendaliks in yndividuele (soarch) oplossing foar bean wurde moat. We dogge dit fanút it model Positive Sûnens.



# De kommende fjouwer jier yn eachopslach

## *Us strukturele en ynsidintele ynvestearings de kommende perioade*

- **Ynsette op previnsje en normalisaasje yn it sosjaal domein**
  *- We stekke hjir yn € 6.8 miljoen*
- **1.070 wenten bouwe oant en mei 2025, 500 ekstra oant en mei 2030. Benammen troch ynwreiding.**
  *- We stekke hjir yn € 1.6 miljoen*
- **We wurkje mei wyk- en doarpswethâlders**
- **We sille de mienskip fersneld ferduorsemje**
  *- We stekke hjir yn € 2.0 miljoen*
- **Tsjinstferliening en partisipaasje**
  *- We stekke hjir yn € 3.6 miljoen*
- **We sille mear gearwurkje mei maatskiplike ynstellings en godstsjinstige organisaasjes**
- **Ekonomy**
  *- We stekke hjir yn € 3.1 miljoen*
- **We sette mear yn op fytsen en minder op autoriden**
- **De iepenbiere romte, wêrûnder it sintrum fan Drachten, wurdt oanpakt**
  *- We stekke hjir yn € 4.6 miljoen*
- **Aktyf Frysk taalbelied**
  *- We stekke hjir yn € 0.6 miljoen*
- **Oantrune op sport en kultuer**
  *- We stekke hjir yn € 0.6 miljoen*
- **Drachten profilearje as ynnovaasjestêd**
  *- We stekke hjir yn € 1.6 miljoen*
- **Feiligens**
  *- We stekke hjir yn € 1.8 miljoen*



# Inleiding

*Samen doen we meer*

In Smallingerland staat de mens voorop.
De kracht van onze gemeente is de kracht van de samenleving. De belangrijkste waarden die bij deze kracht horen zijn persoonlijk, samen en doen. Ze zijn de basis voor onze manier van samen leven, samen werken en samen leren. Ze vertegenwoordigen de kracht van Smallingerland. We helpen elkaar wanneer dat nodig is en we stimuleren elkaar in onze ambities. Met die kracht willen we werken aan een sociale en welvarende toekomst. In alle wijken en dorpen. Voor alle inwoners, ondernemers en talenten.

We werken met elkaar aan oplossingen voor de uitdagingen die we zien. Dit doen we vanuit vertrouwen en daarbij vinden we het belangrijk dat de behoefte voorop staat en niet de regels. Als we allemaal meedoen en goed samenwerken, dan weten we wat we van elkaar kunnen verwachten.




We zetten ons in voor een gezonde, veilige en aantrekkelijke omgeving. Daarbij vinden we duurzaamheid en onze eigen Smallingerlandse identiteit belangrijk: Drachten, Opeinde, Oudega, Nijega, De Tike, Rottevalle, Drachtstercompagnie, Houtigehage, De Wilgen, Smalle Ee, Goëngahuizen, De Veenhoop, Kortehemmen en Boornbergum.
Zo werken we ook aan een vitale economie.
Een economie waarin iedereen werk heeft, gezien wordt en een zeker bestaan kan opbouwen.

Het gemeentebestuur is dienstbaar aan de samenleving door er voor inwoners en ondernemers te zijn. De overheid is er om samenleven mogelijk te maken voor iedereen. Een betrouwbare overheid legt verbindingen door mensen bij elkaar te brengen, is duidelijk over kansen en mogelijkheden en geeft mensen zekerheid. De overheid is er ook om onrecht te bestrijden, ze moet rechtvaardig zijn. De overheid moet oog hebben voor mensen die kwetsbaar en afhankelijk zijn en hen (pro)actief helpen.

We gaan van Smallingerland een betere plek maken en daarom gaan we de komende jaren hard aan het werk om dat doel te bereiken. Onze generatie is de eerste die, volgens SDG-Nederland, de middelen heeft om de transformatie te maken naar een wereld met meer welvaart en minder ongelijkheid. Een wereld waarin we biodiversiteit en klimaat beschermen en waarin iedereen een plaats heeft. Duurzaamheid is het leidend principe van onze omgevingsvisie. We zetten in op het verduurzamen van de samenleving.

De agrarische sector is van oudsher een belangrijke pijler van de Fryske en Nederlandse economie en daarmee van de mienskip. We staan voor een vitaal platteland, de rol van de agrarische sector is daarin essentieel.

Preventie is het uitgangspunt in het sociaal domein, waarbij we staan voor een inclusieve mienskip. Iedereen is welkom en kan meedoen. Normalisering betekent het omarmen van verscheidenheid tussen mensen en het erkennen van problemen van mensen zonder dat er direct een individuele (zorg) oplossing voor moet worden geboden. We doen dit vanuit het model Positieve Gezondheid.



# De komende vier jaar in een oogopslag

*Onze structurele en incidentele investeringen de komende periode*

- **Inzet op preventie en normalisatie in het sociaal domein**
  *- We investeren € 6.8 miljoen*
- **1.070 woningen bouwen tot en met 2025, 500 extra tot en met 2030. Met name door inbreiding**
  *- We investeren € 1.6 miljoen*
- **We werken met wijk- en dorpswethouders**
- **We gaan de samenleving versneld verduurzamen**
  *- We investeren € 2.0 miljoen*
- **Dienstverlening en participatie**
  *- We investeren € 3.6 miljoen*
- **We gaan meer samenwerken met maatschappelijke instellingen en religieuze organisaties**
- **Economie**
  *- We investeren € 3.1 miljoen*
- **We zetten meer in op de fiets en minder op de auto**
- **De openbare ruimte, waaronder het centrum van Drachten, wordt aangepakt**
  *- We investeren € 4.6 miljoen*
- **Aktyf Frysk taalbelied**
  *- We investeren € 0.6 miljoen*
- **Stimuleren sport en cultuur**
  *- We investeren € 0.6 miljoen*
- **Profileren Drachten als innovatiestad**
  *- We investeren € 1.6 miljoen*
- **Veiligheid**
  *- We investeren € 1.8 miljoen*



# 1. Mienskip op ien



**We binne as gemeente tsjinstber oan ús ynwenners en ûndernimmers, de maatskippij stiet op it foarste plak. As gemeente wolle we net alles sels regelje. Dêrom wolle we romte jaan en stelle wy ús iepen foar maatskiplik ynisjatyf en belutsenens. De kearngedachte by de útfiering fan belied is tinke fanút de ynwenner. De foarnaamste betingst yn it nimmen fan besluten is it belûken fan ús ynwenners en ûndernimmers. De kunde en ûnderfining fan ús ynwenners en ûndernimmers sille we brûke om logyske en doelmjittige besluten nimme te kinnen.**

We binne grutsk op sawol ús Fryske as ús Nederlânske identiteit. Taal is in net te skieden part fan dizze identiteit. De lykweardigens fan beide talen sil dúdlik sichtber wêze. It Frysk yn de iepenbiere romte sille we aktyf en prominint ústalle. We sille in aktyf Frysk taalbelied fiere. We sille it Frysk aktyf tapasse yn gemeentlike uterings en ek yn ús tsjinstferliening.

We wolle as gemeentebestjoer ienfâldich te sprekken wêze foar ús ynwenners, dêrom kieze we foar fjouwer wyk- en doarpswethâlders. De wyk- en doarpswethâlders binne de bestjoerlik kontaktpersoanen. Troch de gearwurking mei de wyk-, doarps- en akkountmanagers en de fakynhâldlik wethâlder, wurde ús ynwenners tagonklik betsjinne. Us wiken en doarpen krije hjirmei leechdrompelige kontaktmooglikheden om linich te skeakeljen mei de gemeente. Sa jouwe we ek ynfolling oan it troch ús winske kollegiale bestjoer, we binne allegear ferantwurdlik foar it gehiel. Ek sil it kolleezje regelmjittich bûten it gemeentehûs gearkomme. We sette troch mei it wethâldersprekoere. We wurkje goed gear mei neistlizzende gemeenten.

Mei it ferheegjen fan it buertbudzjet fergrutsje we de leefberens yn wiken en doarpen. We stelle ekstra middels beskikber foar ynisjatieven fan ynwenners. We trune oan op plôk- en terrastunen, wyk- en doarpstunen en fiedselbosken út dit buertbudzjet.

Yn ús organisaasje stiet de minsk op it foarste plak. We sille wurkje fanút de kearnwearden persoanlik, meielkoar en dwaan. We ynvestearje yn de kwaliteit fan ús meiwurkers. We meitsje uterlik yn 2022 ôfspraken oer de kwaliteit fan ús tsjinstferliening en taheakke tsjinstnoarmen. We dogge dit op sichtbere en mjitbere wize, sadat hjir, nei de earste útkomsten, doelmjittich op stjoerd wurde kin. Ynwenners en ûndernimmers moatte tidich en goed te wurd stien wurde, oer sa min mooglik skiven.

We sjogge de ombudsfunksje as wichtich ynstrumint op it mêd fan kontakt mei de gemeente. Uterlik yn 2022 is de ombudsfunksje wier wurden. Ek de Feroardening beukeropfang en VVE Smellingerlân, wêrby't it Frysk in hechte grûnslach krije sil, wurdt yn 2022 fêststeld.

We sille mear gearwurkje mei godstsjinstige en maatskiplike ynstellings yn Smellingerlân. Sy hawwe in wichtige maatskiplike rol en posysje yn de mienskip. Neist Carins, M.O.S. en it Sportbedriuw Drachten, binne de tsjerken in weardefolle gearwurkingspartner yn ús sosjaal maatskiplike opjeften.

We sjogge it belang fan it brûken fan data foar de gemeente en we sille dêrom mear data-dreaun wurkje. We binne mei oprjochter fan Data Fryslân en ynvestearje hjir yn. It Frysk Sosjaal Planbureau (FSP) draacht by oan in takomstbestindich Fryslân middels ûnôfhinlike, betroubere en wittenskiplik ûnderleine kennis. By ús belied sille we struktureel gebrûkmeitsje fan de ynformaasje sa as troch de FSP beskikber steld.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Aktyf Frysk taalbelied | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 |
| Buurtbudzjet útwreidzje | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 |
| Tsjinstnoarmen | € 100.000 | € 100.000 | € 100.000 | € 100.000 |
| Ombudsfunksje | € 75.000 | € 75.000 | € 75.000 | € 75.000 |
| Data Fryslân | € 56.000 | € 56.000 | € 56.000 | € 56.000 |
| Ynvestearje yn de organisaasje | | € 850.000 | € 850.000 | € 850.000 |



# 1. Mienskip op ien

**We zijn als gemeente dienstbaar aan onze inwoners en ondernemers, de samenleving staat voorop. Als gemeente willen we niet alles zelf regelen. Daarom geven we ruimte aan en staan we open voor maatschappelijk initiatief en betrokkenheid. De basisgedachte bij de uitvoering van beleid is denken vanuit de inwoner. De belangrijkste voorwaarde in het nemen van beslissingen is het betrekken van onze inwoners en ondernemers. De kennis en ervaringen van onze inwoners en ondernemers gebruiken we om logische en effectieve beslissingen te kunnen nemen.**



We zijn trots op zowel onze Friese als onze Nederlandse identiteit. Taal is een onlosmakelijk onderdeel van deze identiteit. De gelijkwaardigheid van beide talen gaat duidelijk zichtbaar worden. Het Fries in de openbare ruimte maken we actief en prominent zichtbaar. We gaan een actief Fries taalbeleid voeren. We passen het Fries actief toe in onze eigen gemeentelijke uitingen en in onze dienstverlening.

We willen als gemeentebestuur benaderbaar zijn voor onze inwoners, daarom kiezen we voor vier wijk- en dorpswethouders. De wijk- en dorpswethouders zijn bestuurlijk contactpersonen. Door de samenwerking met de wijk-, dorp- en accountmanagers én de vakinhoudelijk wethouder, worden onze inwoners toegankelijk bediend. Onze wijken en dorpen krijgen hiermee laagdrempelige contactmogelijkheden om soepel te schakelen met de gemeente. Zo geven we tevens invulling aan het door ons gewenste collegiale bestuur, we zijn allen verantwoordelijk voor het geheel. Ook zal het college van B&W met regelmaat buiten het gemeentehuis vergaderen. We continueren het wethoudersspreekuur. We werken goed samen met naburige gemeenten.

Met het verhogen van het buurtbudget vergroten we de leefbaarheid in wijken en dorpen. We stellen extra middelen beschikbaar voor inwonerinitiatieven. We stimuleren pluk- en terrastuinen, wijk- en dorpstuinen en voedselbossen vanuit dit buurtbudget.

In onze organisatie staat de mens voorop. We gaan werken vanuit de kernwaarden persoonlijk, samen en doen. We investeren in de kwaliteit van onze medewerkers. We maken uiterlijk in 2022 afspraken over de kwaliteit van onze dienstverlening en de bijbehorende servicenormen. We doen dit op een zichtbare en meetbare manier zodat hier, na de eerste uitkomsten, effectief op gestuurd kan worden. Inwoners en ondernemers moeten tijdig en goed te woord worden gestaan, over zo weinig mogelijk schijven.

We zien de ombudsfunctie als een belangrijk instrument, waar het gaat om het contact met de gemeente. Uiterlijk in 2022 is de ombudsfunctie gerealiseerd. Ook de Verordening subsidies peuteropvang en VVE Smallingerland, waarbij de positie van het Fries een stevige basis krijgt, wordt in 2022 definitief vastgesteld.

We gaan meer samenwerken met religieuze en maatschappelijke instellingen in Smallingerland. Zij hebben een belangrijke maatschappelijke rol en positie in de samenleving. Naast Carins, M.O.S. en het Sportbedrijf Drachten, zijn de kerken een waardevolle samenwerkingspartner in onze sociaal maatschappelijke opgaven.

We zien het belang van het gebruik van data voor de gemeente en we gaan daarom meer data gedreven werken. We zijn mede oprichter van Data Fryslân en investeren hier in. Het Fries Sociaal Planbureau (FSP) draagt bij aan een toekomstbestendig Fryslân door middel van onafhankelijke, betrouwbare en wetenschappelijk onderbouwde kennis. Bij ons beleid gaan we structureel gebruik maken van de informatie zoals die door het FSP beschikbaar wordt gesteld.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Actief Frysk taalbeleid | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 |
| Buurtbudget uitbreiden | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 |
| Servicenormen | € 100.000 | € 100.000 | € 100.000 | € 100.000 |
| Ombudsfunctie | € 75.000 | € 75.000 | € 75.000 | € 75.000 |
| DataFryslân | € 56.000 | € 56.000 | € 56.000 | € 56.000 |
| Investeren in de organisatie | | € 850.000 | € 850.000 | € 850.000 |





## 2. Underweis nei in ynnovative ekonomy

**It midden- en lytsbedriuw (MKB), ien fan de driuwers fan ús ekonomy, hat it de ôfrûne jierren dreech hân. It MKB hat, meielkoar mei ús kennisynstellings, in wichtich part yn it fersterkjen fan de regionale arbeidsmerk en fan ús ekonomysk belied. De kommende jierren sette we yn, meielkoar mei ús winkellju en hoareka, op in oanloklik sintrum. We wurkje strukturele leechstân fuort, lizze mear grien oan en bliuwe berikber foar ús gasten.**

**We stribje nei in duorseme en earlike ekonomy mei in ynnovatyf karakter. Yn Smellingerlân bart in hiel soad op it mêd fan ynnovaasje, mar wy binne te beskieden om dit út te dragen. Dat sille wy feroarje en dêrom profilearje we Drachten as ynnovaasjestêd. Om de notiidske ekonomyske ûntjouwings as gemeente op lange termyn stypje bliuwe te kinnen, sette we de aksjeaginda ekonomy troch. It fieren fan ekonomysk belied is in kearntaak fan de gemeente en dêr heart strukturele fanansiering by.**

We daagje it midden- en lytsbedriuw, de agraryske sektor en de toeristyske sektor út om harren part by te dragen oan in earlike ekonomy foar eltsenien. Opkearjende regels nimme we fuort binnen it wetlik ramt. We stypje ús lokale ûndernimmers ekstra. We dogge de eigen gemeentlike ynkeapen safier as mooglik lokaal. Dêrop ta meitsje we ôfspraken mei de winkellju oer it ferduorsemjen fan harren winkels.

We koesterje it Ynnovaasjekluster Drachten (ICD). Dit bestie earst allinne út bedriuwen yn Drachten. Yntusken is it ICD útgroeid ta in groep gearwurkjende heech technologyske bedriuwen foar de trije noardlike provinsjes. De gearwurking hat de noadige risseltaten oplevere foar de hiele regio en dat moat sa bliuwe. It ICD is net te skieden fan Drachten en dêrom drage we as gemeente Smellingerlân de kommende fjouwer jier by yn de te heljen doelen. We gean mei de besteande subsydzje troch.



Oanloklike festigingslokaasjes binne essinsjeel om it besteande bedriuwslibben yn ús gemeente te hâlden en om nije bedriuwen nei Smellingerlân te lûken. We biede de kommende perioade sa folle romte as mooglik oan ynnovative konsepten, bygelyks op it mêd fan kreative oplossings foar duorsemensfraachstikken.

We sjogge de ûntwikkeling fan De Haven as in bedriuweterrein mei grut potinsjeel. Mei de komst fan de farwei nei Drachten sille we it havengebiet op ‘e nij fitalisearje. We stribje nei de berikberens foar binnenfeartskippen oant en mei klasse fiif.

We hechtsje oan it besteande, gearwurkjende netwurk fan ûndernimmers, ûnderwiis en oerheid yn Smellingerlân. We sette troch mei de notiidske ûntjouwings, wêrunder de ynklusive arbeidsmerk. We sille de kâns nimme it fuortset- of heger ûnderwiis yn ús gemeente yn te heljen, as de mooglikheid der is.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Ekonomyske aginda | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 |
| Subsydzje ynnovaasjecluster Drachten | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 |
| Akkountmanagement festigingsklimaat | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |





## 2. Op weg naar een innovatieve economie

**Het midden- en kleinbedrijf (MKB), een van de motoren van onze economie, heeft het de afgelopen jaren zwaar te verduren gehad. Het MKB heeft, samen met onze kennisinstellingen, een belangrijke rol in het versterken van de regionale arbeidsmarkt en van ons economisch beleid. De komende periode investeren we, samen met onze winkeliers en horeca, in een aantrekkelijk centrum. We werken structurele leegstand weg, creëren meer groen en blijven bereikbaar voor onze gasten.**

**We streven naar een duurzame en eerlijke economie met een innovatief karakter. In Smallingerland gebeurt ontzettend veel op het gebied van innovatie, maar we zijn te bescheiden om dit uit te dragen. Daar gaan we verandering in brengen en daarom profileren we Drachten als innovatiestad. Om de huidige economische ontwikkelingen als gemeente op de lange termijn te kunnen blijven ondersteunen, zetten we de actieagenda economie voort. Het voeren van economisch beleid is een kerntaak van de gemeente en daar past structurele financiering bij.**

We dagen het midden- en kleinbedrijf, de agrarische sector en de toeristische sector uit om een rol te pakken in het bijdragen aan een eerlijke economie voor iedereen. Belemmerende regels nemen we binnen de wettelijke kaders weg. We steunen onze plaatselijke ondernemers extra. We doen de eigen gemeentelijke inkopen – indien mogelijk - lokaal. Daarnaast maken we afspraken met de winkeliers over het verduurzamen van hun winkels.



We koesteren het Innovatie Cluster Drachten (ICD). Dit bestond eerst alleen uit bedrijven in Drachten. Inmiddels is het ICD uitgegroeid tot een groep samenwerkende hoog technologische bedrijven voor de drie noordelijke provincies. De samenwerking heeft de nodige resultaten opgeleverd voor de gehele regio en dat moet zo blijven. Het ICD is onlosmakelijk verbonden met Drachten en om die reden dragen we ook de komende vier jaar als gemeente Smallingerland bij in de te realiseren doelen. We continueren de bestaande subsidie.

Aantrekkelijke vestigingslocaties zijn essentieel om het bestaande bedrijfsleven in onze gemeente te behouden en om nieuwe bedrijven naar Smallingerland te trekken. We bieden de komende periode zo veel mogelijk ruimte aan innovatieve concepten, bijvoorbeeld op het gebied van creatieve oplossingen voor duurzaamheidsvraagstukken.

We zien de ontwikkeling van De Haven als een bedrijventerrein met een groot potentieel. Met de komst van de vaarweg naar Drachten gaan we het havengebied revitaliseren. We streven naar de bereikbaarheid voor binnenvaartschepen tot en met klasse vijf.

We hechten aan het bestaande, samenwerkende netwerk van ondernemers, onderwijs en overheid in Smallingerland. We gaan de huidige ontwikkelingen, waaronder de inclusieve arbeidsmarkt, voortzetten. We pakken zeker de kans om het voortgezet of hoger onderwijs te verwelkomen in onze gemeente, als deze mogelijkheid zich voordoet.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Economische agenda | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 |
| Subsidie Innovatiecluster Drachten | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 |
| Accountmanagement vestigingsklimaat | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |





# 3. Gau, lykwichtich en duorsum bouwe

**De wenningneed is heech.**
**It notiidske persintaazje oan sosjale hierwennings leit op ûngefear 31%, dit hâlde we yn stân. Dêr wêr't we kânsen sjogge om minsken mei in sosjale of ekonomyske bining yn ús gemeente wenje te litten, sille we dat seker dwaan. We kreëarje in ferskaat wenningoanbod, dat foldocht oan it ferlet fan safolle doelgroepen as mooglik. Der moat mear, sneller en foar alle doelgroepen yn Smellingerlân boud wurde. Dêrby sil foar it berikken fan in lykwichtige gearstalling fan wiken en strjitten, ek spegelbyldich bouwen oan de oarder wêze.**

We wolle fêstguodeigeners útdaagje om yn lytsskalige wenfoarmen te ynvestearjen. Lokaasjes foar wenningbou binne krap. We sille uterlik yn 2023 oan de gemeenterie foarlizze wêr't de earstfolgjende wykútwreidings wêze sille.

Op dit stuit wurdt skrept om in mânsk en ferskaat wenningoanbod yn Smellingerlân te realisearjen. It doel foar de jierren 2020 oant 2025 is it bouwen fan 1.070 wenten. We fine dat net tarikkend. We sille bealigje om noch 500 ekstra wenten te bouwen foar de jierren 2025 oant en mei 2030. We sille dit foaral realisearje troch ynwreiding, bygelyks yn it sintrum. Neist de 1.570 wenten hawwe we de ynstek om dat sneller te dwaan as no it gefal is. Dit is ambisjeus, mar de wenningneed is sa heech dat we dizze útdaging oangeane. As it needsaaklik is, wreidzje we de kapasiteit fan ús amtlike organisaasje út.



We sette dus in grutte trêd yn it sneller bouwen fan wenten. Lang leechsteande en fertutearze gebouwen meitsje we geskikt foar bewenning. Dit jildt foaral yn en om it sintrum fan Drachten. We binne foar wenningbou yn de doarpen. We wolle it mooglik meitsje en bliuw wenjen yn it doarp. We bouwe yn de doarpen fansels nei ferlet.

We wolle net allinnich fersneld huzen bouwe mar ek ús duorsemensdoelen helje. Dit dogge we troch it fysyk duorsemensloket foar ynwenners en ûndernimmers. We biede romte en linigens oan it eksperimentearjen mei oare foarmen fan wenjen as útslutend de gebrûklike. We stelle hjirby priis op duorseme en kreative oplossings sa as tiny houses, mar ek oare kollektive wenfoarmen foar ferskillende doelgroepen. We meitsje dit mooglik binnen de lokale regeljouwing fan romtlike oardening.

We jouwe romte oan it eksperimentearjen mei huzen dy't ôfbrutsen en op 'e nij brûkt wurde kinne, om gau ynspylje te kinnen op hieltyd feroarjend wenferlet. Ynisjativen foar sirkulêre wenningbou sille we aktyf stimulearje. We beskouwe dizze ynisjativen as wichtich útgongspunt foar duorsum bouwen. Dit jildt spesifyk foar tydlike en sirkulêre hierwenten foar studinten en minsken om utens.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Ynset organisaasje ferstevigje by útfiering wentebou | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 |





# 3. Snel, evenwichtig en duurzaam bouwen

**De woningnood is hoog. Het huidige percentage aan sociale huurwoningen ligt op circa 31%, dit houden we in stand. Daar waar we kansen zien om mensen met een sociale of economische binding in onze gemeente te kunnen laten wonen, laten we dat zeker niet na. We creëren een divers woningaanbod, dat beantwoordt aan de behoefte van zo veel mogelijk doelgroepen. Er moet meer, sneller en voor alle doelgroepen in Smallingerland worden gebouwd waarbij voor het bereiken van een evenwichtige samenstelling van wijken en straten, ook spiegelbeeldig bouwen aan de orde zal zijn.**

We willen vastgoedeigenaren uitdagen om in kleinschalige woonvormen te investeren. Locaties voor woningbouw zijn schaars. We gaan uiterlijk 2023 aan de gemeenteraad voorleggen, waar de eerstvolgende wijkuitbreidingen zijn.

Momenteel wordt hard gewerkt aan het realiseren van een omvangrijk en divers woningaanbod in Smallingerland. Het doel voor de jaren 2020 tot en met 2025 is het bouwen van 1.070 woningen. We vinden dat niet voldoende. We zullen ons maximaal inzetten om nog 500 extra woningen te bouwen voor de jaren 2025 tot en met 2030. We gaan dit vooral realiseren door inbreiding, bijvoorbeeld in het centrum. Naast de 1.570 woningen willen we de woningen ook sneller realiseren dan nu het geval is. Dit is ambitieus, maar de woningnood is dermate hoog dat we deze uitdaging aangaan. Als het noodzakelijk is, breiden we de capaciteit van onze ambtelijke organisatie uit.



We zetten dus een stevige stap in het versneld bouwen van woningen. Langdurig leegstaande en verwaarloosde gebouwen maken we geschikt voor bewoning. Dit geldt vooral in en rondom het centrum van Drachten. We zijn voor woningbouw in de dorpen. We willen het mogelijk maken in het dorp te kunnen blijven wonen. We bouwen in de dorpen uiteraard naar behoefte.

We willen niet alleen versneld huizen bouwen maar ook onze duurzaamheidsdoelen halen. Dit doen we via het fysiek duurzaamheidsloket voor inwoners en ondernemers. We bieden ruimte en flexibiliteit aan het experimenteren met andere woonvormen dan louter reguliere. We zien hierbij graag duurzame en creatieve oplossingen zoals tiny houses, maar ook andere (collectieve) woonvormen voor verschillende doelgroepen. We maken dit mogelijk binnen de lokale regelgeving van ruimtelijke ordening.

We geven ruimte aan het experimenteren met huizen die gerecycled kunnen worden, dit om snel in te kunnen spelen op de steeds veranderende woonbehoefte. Initiatieven voor circulaire woningbouw gaan we actief stimuleren. We zien deze initiatieven als een belangrijk uitgangspunt voor duurzaam bouwen.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Inzet organisatie verstevigen uitvoering bij woningbouw | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 |



# 4. Sosjaal domein

**Wy omearmje ús mienskip. We sette yn op it ferbetterjen fan it wolwêzen fan ús ynwenners. Us gemeente hat yn ferlyk in grutte fraach nei soarch en helpferliening. We jouwe in soad romte oan selsrêdsumens, eigen krêft en eigen ferantwurdlikheid. We sette fol yn op normalisearjen en previnsje.**

Previnsje is de grûnslach. Hoe earder as in probleem sinjalearre wurdt, hoe earder oft in oplossing fûn wurde kin. Ynvestearje yn previnsje komt yn de takomst hegere soarchkosten foar. Op ferskaat mêd, lykas sport en kultuer en by de ynrjochting fan de iepenbiere romte, sykje we partners dy't in bydrage leverje wolle oan it fersterkjen fan dizze preventive kant fan it sosjaal domein. Neist Carins, Caparis, M.O.S. en it Sportbedriuw Drachten sjogge we ek de maatskiplike en godstsjinstige organisaasjes as in weardefolle gearwurkingspartner by previnsje. We wolle de rol en posysje fan dizze organisaasjes ynsette foar de sosjaal maatskiplike opjeften fan de gemeente.

Ynvestearje yn previnsje komt yn de takomst hegere soarchkosten foar. Troch de tanimmende prestaasjedruk yn de mienskip skoot de grins op fan wat normaal gedrach is, wêrtroch gedrach hieltyd sneller as ôfwikend bestimpele wurdt. Hjirtroch wurdt by problemen hieltyd ek earder socht nei soarchoplossings. We sette hjirom –neist previnsje- yn op 'normalisearjen'. Normalisearje is ien fan de doelen fan de Jeugdwet en betsjut it werkennen fan problemen fan minsken, sûnder dat der fuort in yndividuele (soarch)oplossing bean wurde moat. We dogge dit fanút it model Positive sûnens.



It ûnderwiis hat ús bysûndere oandacht. We sille struktureel ynvestearje yn de skoalkontaktpersoanen, dy't fanút Carins ferbûn binne oan alle skoallen yn Smellingerlân. Dizze skoalkontaktpersoanen soargje foar in linige gearwurking tusken ûnderwiis en jeugdhelp bij learlingen mei in kwetsbere eftergrûn. Dêrneist sille we struktureel ynvestearje yn it trochsetten fan rinnende ynisjativen, lykas Sûn yn Smellingerlân en projekten yn it ramt fan previnsje en normalisearjen. Ek sille we ynvestearje yn húsfesting fan ús ûnderwiisynstellings.

We stypje sportferienings troch in sterke ferbining mei Carins, M.O.S. en it Sportbedriuw Drachten. We geane út fan de brede wolfeart hjir en no, mar sjogge ek nei de ympakt foar folgjende generaasjes.

We sette troch mei de pilot buertgesinnen. Húshâldens dy't stipe brûke kinne by it opfieden fan bern, wurde koppele oan in waarm en lykwichtich húshâlden út de buert.

We sille it COA stimulearje om meielkoar mei M.O.S., Carins, Sportbedriuw Drachten, maatskiplike, godstsjinstige organisaasjes en ûnderwiisynstellings aktiviteiten te ûntjaan wêrby't flechtlingen better opfongen wurde en yntegreard reitsje yn ús mienskip.

Spitigernôch libje yn ús gemeente noch altyd in protte minsken rûnom en ûnder de earmoedegrins. Dit is ûnwinsklik. Alhoewol't we ús betinke dat we earmoede net folslein weinimme kinne, wolle we de effekten fan earmoede lytser meitsje. It is ús ambysje en nim in stap yn it trochbrekken fan earmoed dy't fan generaasje op generaasje trochgiet. Mei ús sosjale partners dy't hun ferbine oan datselde doel, rjochtsje we in Earmoedepact op. Der is in portefúlje Earmoede, wêrby't we omtinken jouwe oan alle foarmen fan earmoedebestriding.

De gemeenteried moat sterk yn't seal sitte foar wat de stjoermooglikheden yn it sosjaal domein oanbelanget. De earste fraach is: 'wat binne de doelen dy't helle wurde moatte?' Dit proses rjochtsje we meielkoar mei de gemeenterie yn. Hjirfoar wurdt in oersjoch-dashboard yn it sosjaal domein ûntwikkele. It dashboard is uterlik yn 2022 realisearre.

We hâlde de organisaasje foar skuldhelpferliening tsjin it ljocht, mei as doel om it súksesfoller en doelmjittiger ferrinne te litten. De besteande ôfspraken rinne oant en mei 31 desimber 2024.





Oanfang 2023 fynt de nije oanbesteging plak. Foarôfgeand dêroan wolle we de konklúzjes út it rinnende ûndersyk yn de gemeenterie besprekke.

M.O.S. ferfollet in aktive rol yn it fersterkjen fan it besteande netwurk fan frijwilligersorganisaasjes. We fersterkje dit, sadat de effektiviteit fan it frijwilligersnetwurk sa geunstich mooglik benutte wurde kin. We benutsje de kunde en ûnderfining fan Caparis sa goed as mooglik. Doel is om de partisipaasje fan ynwenners mei ôfstân ta de arbeidsmerk sa folle as mooglik oan te trunen, we nimme dêrom 25 (bânen ôfspraak) banen ôf by Caparis.

Carins en de M.O.S. hawwe in protte reitsflakken, gearwurking is in eask. Hoewol't in gearfoeging fan (parten fan) dizze beide organisaasjes net oan de oarder is, der moat wol in dúdlik opdrachtjouwerskip wêze fanút de gemeente. Hjirmei komme we in oerlaap oan taken foar, sûnder dat dit sear docht oan de winske yntegraliteit en besteande slachkrêft fan beide organisaasjes.

By de útfiering fan de Wmo foarsjennings op maat jouwe we mear omtinken oan de wize fan kommunisearjen rjochting de soarchûntfanger. Ûnderdiel hjirfan is it gebrûk fan de taal. Ynwenners wurde yn dy taal oansprutsen dy't se graach sprekke wolle, yn it Nederlânsk of yn it Frysk. It persoanlike kontakt moat útsprutsener wurde, wêrby't we mear tiid útlûke foar de saakkundigen om kokenstafelgesprekken te fieren.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Belûken fan sport- en kultuer by previnsje | € 200.000 | € 200.000 | € 200.000 | € 200.000 |
| Skoalkontaktpersoanen útwreidzje | € 450.000 | € 450.000 | € 450.000 | € 450.000 |
| Trochsette besteande ynset previnsje | € 370.000 | € 500.000 | € 500.000 | € 500.000 |
| Undersyk nei previnsje | € 150.000 | | | |
| Trochsette pilot Buertgesinnen | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |
| Undersyk ferlytsjen effekten earmoede | € 100.000 | | | |
| Dielname Earmoedepact | € 100.000 | | | |
| Ferstevigje frijwilligersnetwurk | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |
| Kokenstafelgesprekken | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 |
| Underwiishúsfesting | | | | € 700.000 |

# 4. Sociaal domein

**Wij omarmen onze mienskip. We zetten in op het verbeteren van het welzijn van onze inwoners. Onze gemeente kent relatief veel vraag naar zorg en hulpverlening. We geven veel ruimte aan zelfredzaamheid, eigen kracht en eigen verantwoordelijkheid. We zetten vol in op normaliseren en preventie.**

Preventie is het uitgangspunt. Hoe eerder een probleem wordt gesignaleerd, hoe eerder een oplossing kan worden gevonden. Investeren op preventie voorkomt in de toekomst hogere zorgkosten. Op diverse terreinen, zoals sport en cultuur en bij de inrichting van de openbare ruimte, zoeken we partners die een bijdrage willen leveren aan het versterken van deze preventieve kant van het sociaal domein. Naast Carins, Caparis, M.O.S. en het Sportbedrijf Drachten zien we ook de maatschappelijke en religieuze organisaties als een waardevolle samenwerkingspartner bij preventie. We willen de rol en positie van deze organisaties gaan inzetten voor de sociaal maatschappelijke opgaven van de gemeente.

Investeren in preventie voorkomt in de toekomst hogere zorgkosten. Door de toenemende prestatiedruk in de samenleving schuift de grens op van wat normaal gedrag is, waardoor gedrag steeds sneller als afwijkend wordt bestempeld. Hierdoor wordt er bij problemen sneller gezocht naar zorgoplossingen. Wij zetten hierom - naast preventie - in op ‘normaliseren’. Normaliseren is één van de doelen van de Jeugdwet en betekent het erkennen van problemen van mensen zonder dat er direct een individuele (zorg)oplossing voor moet worden geboden. We doen dit vanuit het model Positieve gezondheid.



Het onderwijs heeft onze bijzondere aandacht. We gaan structureel investeren in de schoolcontactpersonen, die vanuit Carins verbonden zijn aan alle scholen in Smallingerland. Deze schoolcontactpersonen zorgen voor een vloeiende samenwerking tussen onderwijs en jeugdhulp bij leerlingen met een kwetsbare achtergrond. Daarnaast gaan we structureel investeren in de voortzetting van de lopende initiatieven, zoals Gezond in Smallingerland en projecten op het gebied van preventie en normaliseren. Ook gaan we investeren in de huisvesting van onze onderwijsinstellingen.

We ondersteunen sportverenigingen door een sterke verbinding met Carins, M.O.S. en Sportbedrijf Drachten. We kijken naar de brede welvaart in het hier en nu, maar ook naar de impact voor de volgende generaties.

We continueren de pilot buurtgezinnen. Gezinnen die steun kunnen gebruiken bij het opvoeden, worden gekoppeld aan een warm en stabiel gezin in de buurt.

We gaan het COA stimuleren om samen met M.O.S., Carins, Sportbedrijf Drachten, maatschappelijke, religieuze organisaties en onderwijsinstellingen activiteiten te ontwikkelen waarbij vluchtelingen beter worden opgevangen en geïntegreerd raken in onze samenleving.

Helaas leven in onze gemeente nog veel mensen onder en rond de armoedegrens. Dit is onwenselijk. Hoewel we ons realiseren dat we armoede niet volledig weg kunnen nemen, willen we de effecten van armoede verkleinen. Het is onze ambitie om een stap te zetten in het doorbreken van armoede die van generatie op generatie voortduurt. Met onze (sociale) partners die zich verbinden aan hetzelfde doel, richten we een Armoedepact op. Er komt een portefeuille Armoede, waarbij we aandacht hebben voor alle vormen van armoedebestrijding.

De gemeenteraad moet stevig in het zadel zitten wat betreft de sturingsmogelijkheden in het sociaal domein. De eerste vraag is: ‘wat zijn de doelen die bereikt moeten worden?’. Dit proces richten we samen in met de gemeenteraad. Er wordt hiervoor een dashboard in het sociaal domein ontwikkeld. Dit dashboard is uiterlijk 2022 gerealiseerd.





We houden de organisatie van onze schuldhulpverlening tegen het licht, met als doel om deze succesvoller en efficiënter te laten verlopen. De bestaande afspraken lopen tot en met 31 december 2024. Begin 2023 vindt de nieuwe aanbesteding plaats. Voorafgaand daaraan willen we de conclusies uit het lopende onderzoek in de gemeenteraad bespreken.

M.O.S. vervult een actieve rol in het versterken van het bestaande netwerk van vrijwilligersorganisaties. We versterken dit, zodat de effectiviteit van het vrijwilligersnetwerk optimaal benut kan worden. We benutten de kennis en expertise van Caparis optimaal. Doel is om de participatie van inwoners met een afstand tot de arbeidsmarkt zo veel mogelijk te bevorderen, we nemen daarom 25 (banenafspraak) banen af bij Caparis.

Carins en de M.O.S. hebben veel raakvlakken, samenwerking is een vereiste. Hoewel een samenvoeging van (onderdelen van) deze beide organisaties niet aan de orde is, moet er duidelijk opdrachtgeverschap zijn vanuit onze gemeente. We voorkomen hiermee een overlap van taken, zonder dat dit ten koste gaat van de gewenste integraliteit en de bestaande slagkracht van beide organisaties.

Bij de uitvoering van de Wmo voorzieningen op maat geven we meer aandacht aan de wijze van communiceren richting de zorgontvanger. Een onderdeel hiervan is het gebruik van de taal. Inwoners worden in de taal aangesproken die ze graag willen spreken, in het Nederlands of in het Frysk. Het persoonlijke contact moet nadrukkelijker worden, waarbij we meer tijd uittrekken voor de professionals om keukentafelgesprekken te voeren.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Betrekken sport- en cultuur bij preventie | € 200.000 | € 200.000 | € 200.000 | € 200.000 |
| Schoolcontactpersonen uitbreiden | € 450.000 | € 450.000 | € 450.000 | € 450.000 |
| Voortzetten bestaande inzet preventie | € 370.000 | € 500.000 | € 500.000 | € 500.000 |
| Onderzoek naar preventie | € 150.000 | | | |
| Voortzetten pilot Buurtgezinnen | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |
| Onderzoek verkleinen effecten armoede | € 100.000 | | | |
| Deelname Armoedepact | € 100.000 | | | |
| Verstevigen vrijwilligersnetwerk | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |
| Keukentafelgesprekken | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 | € 160.000 |
| Onderwijshuisvesting | | | | € 700.000 |

# Mienskip

*- Catharine van der Velde -*

Wolkom, spring oan board
Fan it Smellingerlânske skip
Mei faasje troch de siden
Fan dit koälysje-akkoart

It wetter is helder, transparant en fris
Wy sille mei folle krêft foarút
Smellingerlân, noch lang net klear,
giet foar ynset en betsjutting

Kom dochs mei op ús reis:
Bern, jongerein, studinten,
Alderein, famyljes, ûndernimmers,
Festivalgongers fan Simmerdeis,

Natuerleafhawwers
Hedonisten, sporttalinten
En minsken dy't hâlde fan
Fryske keunst en kultuer

Jo fine josels yn dit akkoard
Want it giet úteinlik om

De ûnderlinge ferbûnens:
'Mienskip', in machtig wurd

Mienskip is ús oergefoel
Dat witte Friezen al lang
It wurd datearret út 1845
It is foar it hegere goed

Mienskip yn in mienskip dus
It is groetnis op strjitte
Help elkoar en tink oan elkoar
It is it toutsje yn 'e brievebus

En yn Smellingerlân
Sil dizze Mienskip allinnich mar grutter wurde
Mei-inoar nije plannen realisearje
In stikje moai Fryslân

Dus begjin no te lêzen
Der bart in protte
Noch mear libben yn de brouwerij
Jo moatte yn Smellingerlân wêze!

# Mienskip

Welkom, spring aan boord
Het schip van Smallingerland
Vaart door de bladzijden
Van dit coalitieakkoord

Het water is helder, transparant en fris
We gaan vooruit met volle kracht
Smallingerland, nog lang niet af,
Gaat voor verbintenis en betekenis

Kom, vaar mee met onze reis:
Kinderen, jongeren, studenten,
Ouderen, gezinnen, ondernemers,
Festivalgangers van Simmerdeis,

Liefhebbers van natuur
Levensgenieters, sporttalenten
En mensen die houden van
Friese kunst en cultuur

Je vindt jezelf in dit akkoord
Want het gaat uiteindelijk om

De onderlinge verbondenheid:
'Mienskip', een prachtig woord

Mienskip is ons oergevoel
De Friezen kennen dit al heel lang
Het woord komt al uit 1845
Het is voor het grotere belang

Mienskip in een gemeente dus
Het is het groeten op straat
Elkaar helpen en om elkaar denken
Het is het touwtje in de brievenbus

En in Smallingerland
Wordt deze Mienskip alleen maar groter
Samen nieuwe plannen realiseren
Een stukje mooi Friesland

Dus begin nu maar gauw met lezen
Er staat van alles te gebeuren
Nog meer leven in de brouwerij
In Smallingerland moet je wezen!





# 5. Stimulearje fan sport en kultuer

**Us sportferienings, grut en lyts, dogge geweldich wurk foar ús mienskip. De maatskiplike effekten fan sport binne grut en hawwe in positive wjerslach en in previntive wurking op ús ynwenners. Dizze previntive wurking fan in feilige sportomjouwing -omtinken- leit in klam op de ferbining dy't we kommende perioade lizze sille mei it sosjaal domein. In goed kultueroanbod is ek wichtich foar ús ynwenners en foar it byld fan de gemeente nei bûten ta. Dat omfettet sawol de passive foarm, it sjen, it lústerjen en erfaren derfan, as de aktive, it beoefenjen derfan. We stypje de ynisjativen fan de kulturele ynstellings yn de gemeente sa as de kultuerkaravaan. We stimulearje it kultuerûnderwiis op skoallen en it musykûnderwiis op en stypje de beoefeners fan amateurkeunst yn gearwurking mei Keunstwurk.**

We sjogge dat ús sport- en kultuerferienings in wichtige funksje hawwe by it sûn opgroeien fan de jongerein. Sy kinne ek in belangryke bydrage leverje oan it sinjalearen en it bieden fan in oplossing foar sosjale problematyk by de jongerein. We stypje de sport- en kultuerferienings troch de ferbining mei Sportbedriuw Drachten, Carins en M.O.S. te fersterkjen, wêrtroch der hin en wer mooglikheden ûntsteane om gebrûk te meitsjen fan inoars kennis en saakkundigens.






By de ferstrekking fan subsydzjes jildt op dit stuit it beslút dat der oer de perioade fan 2020 o/m 2023 gjin yndeksearing plakfine sil. We hawwe de ynstek om fanôf 2024 ús ferstrekte subsydzjes te yndeksearjen. Mar subsidearring en yndeksearing binne net fanselssprekkend. We sille dêroer yn gesprek mei de ynstellings dy't fan ús subsydzje krije.

Gearwurkje op grûnslach fan lykweardigens tusken partijen dy't wol of gjin subsydzje ûntfange, wurdt sjoen as de noarm en dêr sjogge we op ta. We fine it belangryk dat it spylfjild hjiryn lyk is.

We achtsje it wichtich dat sport foar in sa breed mooglike doelgroep berikber is. Eltsenien moat sporte kinne, ek folwoeksenen. We fine it Sportfûns Smellingerlân ynnimlik en bliuwe it stypjen, en itselde jildt foar it Sport- en beweechakkoart. Soe de pake ponge fan it ryk ticht wêze, dan laapje wy sels yn 2024 by. We omearmje it Sportmanifest 'Alles beweegt'.

Fanút it model fan positive sûnens is it stimulearjen fan bewegen fan belang, omt it in belangrike bydrage leveret oan it wolwêzen fan ús ynwenners. Dat betsjut dat we sûnens net besjogge as wol of net siik wêzen, mar as it fermogen fan minsken om mei de fysike, emoasjonele en sosjale libbensútdagings om te gean en safolle as mooglik de eigen rezjy te fieren. We sjogge mooglikheden om in bydrage te leverjen by de ynrjochting fan ús eigen gebouwen en libbensomjouwing, dy't útdaget om te beweegjen en jin dermei te fernuverjen.

Simmerdeis is in belangryk en lokaal festival dat fan de mienskip is, en dat moat sa bliuwe. Der wurdt neigien hoe't en yn hokker foarm Simmerdeis nei 2023 organisearre wurde kin. Hjirby wurdt ek sjoen nei ús rol en de wize fan ponghâlden. Us yntinsje is dat Simmerdeis behâlden bliuwt.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Sportfûns Smellingerlân | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |
| Sport- en beweechakkoart | € 30.000 | € 30.000 | € 30.000 | € 30.000 |
| Simmerdeis 2024 | € 140.000 | | | |

# 5. Stimulering sport en cultuur

**Onze sportverenigingen, zowel groot als klein, doen geweldig werk voor onze mienskip. De maatschappelijke effecten van sport zijn groot en hebben een positieve weerslag en een preventieve werking op onze inwoners. Deze preventieve werking van een veilige sportomgeving - omtinken - benadrukt de verbinding die we de komende periode gaan leggen met het sociaal domein. Ook een goed cultuuraanbod is belangrijk voor onze inwoners en voor het beeld van onze gemeente naar buiten. Dat betreft zowel de passieve vorm, het kijken, luisteren en ervaren ervan, als de actieve, het beoefenen ervan. We ondersteunen de initiatieven van de culturele instellingen in de gemeente zoals de cultuurkaravaan. We stimuleren het cultuuronderwijs op scholen, het muziekonderwijs en ondersteunen de beoefenaars van amateurkunst in samenwerking met Keunstwurk.**




We zien dat onze sport- en cultuurverenigingen een belangrijke functie hebben in het gezond opgroeien van onze jeugd. Ook kunnen zij een belangrijke bijdrage leveren aan het signaleren en de oplossing van sociale problematiek bij onze jeugd. We ondersteunen de sport- en cultuurverenigingen door de verbinding met Sportbedrijf Drachten, Carins en M.O.S. te versterken, waardoor er over en weer mogelijkheden ontstaan om gebruik te maken van elkaars kennis en deskundigheid.




Bij de verstrekking van subsidies geldt momenteel het besluit dat er over de periode 2020 t/m 2023 geen indexering plaats vindt. We zijn voornemens om per 2024 onze verstrekte subsidies te indexeren. Echter, subsidiëring en indexering zijn geen vanzelfsprekendheid. We gaan daarover in gesprek met de door ons gesubsidieerde instellingen.

Samenwerking op basis van gelijkwaardigheid tussen partijen die wel of geen subsidie ontvangen, wordt de norm en daar zien we op toe. We vinden het belangrijk dat er een gelijk speelveld is.

We vinden het belangrijk dat sport voor een zo breed mogelijke doelgroep bereikbaar is. Iedereen moet kunnen sporten, ook volwassenen. We dragen het Sportfonds Smallingerland een warm hart toe en blijven het steunen, hetzelfde geldt voor het Sport- en beweegakkoord. Mocht de financiering vanuit het Rijk stoppen, dan nemen wij deze na 2022 over. We omarmen het Sportmanifest 'Alles beweegt'.

Vanuit het model van positieve gezondheid is het stimuleren van bewegen van belang omdat het een belangrijke bijdrage levert aan het welbevinden van onze inwoners. Dat betekent dat we gezondheid niet zien als de af- of aanwezigheid van ziekte, maar als het vermogen van mensen om met de fysieke, emotionele en sociale levensuitdagingen om te gaan en zoveel mogelijk eigen regie te voeren. We zien mogelijkheden om een bijdrage te leveren bij de inrichting van onze eigen gebouwen en leefomgeving, die uitdaagt om te bewegen en te recreëren.

Simmerdeis is een belangrijk en lokaal festival dat van de Mienskip is en dat moet zo blijven. Er wordt gekeken naar hoe en in welke vorm Simmerdeis na 2023 georganiseerd kan worden. Hierbij wordt ook gekeken naar onze rol en de wijze van financiering. Onze intentie is dat Simmerdeis in stand blijft.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Sportfonds Smallingerland | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 | € 80.000 |
| Sport- en beweegakkoord | € 30.000 | € 30.000 | € 30.000 | € 30.000 |
| Simmerdeis 2024 | € 140.000 | | | |

# 6. Duorsum, earlik en grien

**Us ambysje is om de duorsumensdoelstellings sa as steld troch de provinsje Fryslân en it Ryk yn 2030 en 2050, earder te heljen. Betingst hjirby is dat dit technologysk helber en betelber is. Krekt omdat we dizze doelstellings earder helje wolle, steane we iepen foar ynnovative wizen (as geotermy en aquatermy) dy't bydrage oan it earder realisearjen fan dizze doelstellings. We daagje ynwenners en ûndernimmers út om mei te tinken.**

Us eigen notiidske belied is liedend op it mêd fan it lizzen fan sinnepanielen, de Sinneljedder fan de provinsje Fryslân is hjir part fan. We wolle it elektrysk riden oantrune. We meitsje in dekkend netwurk foar oplaadpeallen yn de iepenbiere romte. Yn it bûtengebiet stimulearje we lytse wynmûnen.

By de opwekking fan duorsume enerzjy is it útgongspunt dat it rindemint safolle as mooglik telâne komt by de mienskip. We binne tsjin nije gaswinning yn Smellingerlân.

We sjogge foar ússels as gemeente in fasilitearjende rol weilein yn it heljen fan de duorsumensdoelen. We sille ús ynwenners ynformearje en oantrune om duorsumer te wêzen. We folje dizze fasilitearjende en oantrunende rol as folget yn;

- Wy tsjûgje fan ús fyzje en doelstellings sadat oare partijen dêr yn gearwurking ek in bydrage oan leverje kinne.
- We realisearje in goed taret duorsumensloket, sawol fysyk as digitaal. Ynwenners kinne dêr telâne mei fragen oer duorsumens. Dit loket wurdt leechdrimpelich, twatalich en bekind by ús ynwenners en ûndernimmers. We heine de kommunikaasje op oer it duorsumensloket.
- Wy achtsje de ûnderwiisynstellings in wichtige gearwurkingspartner, omdat hjir studinten oplieden wurde dy't de takomst binne fan it ferduorsumjen. We stelle dêrom in priis yn foar it ûnderwiis yn Smellingerlân, foar it bêste idee omtrint duorsumens en ynnovaasje. We belûke it Ynnovaasjekluster Drachten hjirby.
- We bringe de ynsidintele middels, ôfkomstich fan de Ryksoerheid foar it Nationaal Isolatie Programma, yn foar maatregels fan ús ynwenners.
- We sette troch mei de útjefte fan vouchers/ bonnen foar ús ynwenners foar de oanskaf fan enerzjybesparjende en duorsume saken foar hun wenning.
- It sirkulêr wêzen is by ús eigen gemeentlik ynkeapbelied in wichtige noarm yn de gunning fan opdrachten.



We wolle ús gemeentlike gebouwen oan de hân fan in businesscase enerzjyneutraal krije. Dit jildt sawol foar besteande bou as nijbou. We sille it gemeentlik weinpark elektrifisearje. Wêr't dat noch net kin, sille we folslein oer op blauwe diesel. Dêrneist daagje we it bedriuwslibben en middenstân út om fêstguod en bedriuwsfiering duorsumer te meitsjen, dat jildt ek foar it oare maatskiplik fêstguod lykas de skoallen.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Fersteviging organisaasjeynset duorsumens | € 250.000 | € 250.000 | € 250.000 | € 250.000 |
| Duorsumensloket | € 105.000 | € 105.000 | € 105.000 | € 105.000 |
| Duorsumensvoucher | € 500.000 | | | |
| Gebrûk duorsume brânstof | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 |



# 6. Duurzaam, eerlijk en groen

**Onze ambitie is de duurzaamheidsdoelstellingen, zoals die door de provinsje Fryslân en het Rijk zijn gesteld in 2030 en 2050, versneld te behalen. Voorwaarde is dat dit technologisch haalbaar en betaalbaar is. Juist omdat we deze doelstellingen versneld willen behalen, staan we open voor innovatieve manieren (zoals geothermie en aquathermie) die bijdragen aan het versneld realiseren van deze doelstellingen. We dagen inwoners en ondernemers uit om mee te denken.**

Ons eigen huidige beleid is leidend ten aanzien van de plaatsing van zonnepanelen, de Zonneladder van de provinsje Fryslân is hier onderdeel van. Elektrisch rijden willen we stimuleren. We maken een dekkend netwerk voor laadpalen in de openbare ruimte. In het buitengebied stimuleren we kleine windmolens.

Bij de opwekking van duurzame energie, is het uitgangspunt dat het rendement zo veel mogelijk terechtkomt bij de gemeenschap. We zijn tegen nieuwe gaswinning in Smallingerland.

We zien vooral een faciliterende rol voor ons als gemeente weggelegd in het behalen van de duurzaamheidsdoelen. We gaan onze inwoners informeren en stimuleren om te verduurzamen. We vullen deze faciliterende en stimulerende rol als volgt in;

- Wij dragen onze visie en doelstellingen uit zodat andere partijen daar, in samenwerking, ook een bijdrage aan kunnen leveren.
- We realiseren een goed uitgerust duurzaamheidsloket, zowel fysiek als digitaal. Daar kunnen inwoners terecht voor vragen over duurzaamheid. Dit loket wordt laagdrempelig, tweetalig en goed bekend bij onze inwoners en ondernemers.
  We intensiveren de communicatie over het duurzaamheidsloket.
- Wij zien onderwijsinstellingen als een belangrijke samenwerkingspartner, omdat hier studenten worden opgeleid die de toekomst zijn van de verduurzaming. We stellen daarom een prijs in voor het onderwijs in Smallingerland, voor het beste idee op het gebied van duurzaamheid en innovatie. We betrekken het Innovatie Cluster Drachten hierbij.
- We zetten de incidentele middelen, die afkomstig zijn vanuit de Rijksoverheid ten behoeve van het Nationaal Isolatie Programma, in voor maatregelen van onze inwoners.
- We continueren de uitgave van vouchers/bonnen voor onze inwoners voor de aanschaf van energiebesparende en duurzame producten voor hun woning.
- Circulariteit is bij ons eigen gemeentelijk inkoopbeleid een belangrijk criterium in de gunning van opdrachten.



We willen onze gemeentelijke gebouwen aan de hand van een businesscase energieneutraal krijgen. Dit geldt voor zowel bestaande bouw als nieuwbouw. We gaan het gemeentelijk wagenpark elektrificeren. Waar dat nog niet kan, gaan we volledig over op blauwe diesel. Daarnaast dagen we het bedrijfsleven en middenstand uit om vastgoed en bedrijfsvoering te verduurzamen, dat geldt ook voor het overige maatschappelijke vastgoed zoals de scholen.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Versteviging organisatie inzet duurzaamheid | € 250.000 | € 250.000 | € 250.000 | € 250.000 |
| Duurzaamheidsloket | € 105.000 | € 105.000 | € 105.000 | € 105.000 |
| Duurzaamheidsvoucher | € 500.000 | | | |
| Gebruik duurzame brandstof | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 | € 25.000 |








# 7. Us strjitten en greiden

**Us gemeente bestiet út prachtige doarpen en it haadplak Drachten. Op al dy plakken wurdt libbe en wenne en gebrûk makke fan de iepenbiere romte. Dizze iepenbiere romte is fan en foar ús ynwenners, fan de biezumwein oant de stoepe dy't dermei skjinmakke wurdt. Dat fynt net eltsenien en dat is spitich. De kommende jierren sille we faker en mear sichtber meitsje dat de ynspannings dy't we leverje, de materialen dy't we dêrby brûke en it risseltaat dat we dêrmei berikke, fan en foar ús ynwenners binne.**

As gemeente wurkje we gear mei private partijen en oare oerheden oan grutte regionale en nasjonale projekten. We dogge dit fanút een fisy yn'e mande mei tahearrende aksjes, lykas yn de foarm fan in Europeeske lobby. We sille ús ynsetten bliuwe foar de komst fan de Lelylyne. De oanlis fan de farwei achtsje wy as fanselssprekkend.

We ynvestearje yn it oanlokliker meitsjen fan it sintrum fan Drachten. Us sintrum wurdt kompakter, mei minder winkels en parkearplakken en mei mear grien en wenten. In goede digitale ferbining is foar de maatskippij in needsaaklik ferlet. We sille yn dizze perioade berikke dat glêsfezel yn prinsipe foar alle ynwenners beskikber komt.

We wolle yn ús gemeente grien bewege en grien belibje. Foar wat de aktualisearring oanbelanget fan it behear fan ús kapitaalguod hâlde we, yn ôfwachting fan nije ûnderhâlds- en ferfangingsplannen, rekkenskip mei in strukturele ynvestearing. By de werynrjochting en ferfangingswurksumheden fan de iepenbiere romte sette we realistysk en doelmjittich yn op mear romte foar wetter, fergriening en tanimmen fan duorsumens. De iepenbiere romte moat útnoegje ta beweegjen, bygelyks mei de oanlis fan fytspaden en jeu de boules banen. In griene en struktureel skjinne omjouwing leveret in positive bydrage oan it wolwêzen fan ús mienskip.

We wolle in fytsfreonlike gemeente wêze en nimme dêrom maatregels om de fyts mear romte te jaan. We stelle in mobiliteitsplan op wêrby't it brûken fan de fyts hurd oantrune wurdt en wêrby't de ferbining lein wurdt mei sûnens en sport. It sintrum fan Drachten, wêrunder it Riedhúsplein, wurdt auto-earm en yn it mobiliteitsplan wurde de effekten dêrfan meinommen.

Mei de komst fan it nije swimbad oan de Sportleane, moat de notiidske ferkearssitewaasje fan de Sportleane en de Ikesingel en de ynrjochting fan de iepenbiere romte ferbettere wurde. We dogge hjir de ponge foar iepen.

By de fergriening fan ús iepenbiere romte heart in meanbelied dat soarget foar in moaie útstrieling binnen de beboude kom, mei omtinken foar bioferskaat. Dêr wêr mooglik wurdt mei ynwenners sjoen nei it ferbetterjen fan de útstrieling binnen de beboude kom. Yn 'e mande mei agrariërs sjogge we wat we bûtenút effektyf oan bestriding fan eksoaten en wat we oan ynheemske planten dwaan kinne. We ûndersykje oft in neiere gearwurking mei oare oerheden ta de mooglikheden heart.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Mobiliteitsplan opstelle | € 50.000 | | | |
| Gebietsprogramma Sintrum | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 |
| Aktualisaasje kapitaalguodbehear | € 650.000 | € 650.000 | € 650.000 | € 650.000 |
| Oanpealjende projekten Sportleane | | € 106.000 | € 106.000 | € 106.000 |






# 7. Onze straten en weiden

**Onze gemeente bestaat uit prachtige dorpen en de hoofdplaats Drachten. In al deze plaatsen wordt gewoond en geleefd en gebruik gemaakt van de openbare ruimte. Deze openbare ruimte is van en voor onze inwoners, van de bezemwagen tot de stoep die ermee wordt schoongemaakt. Dat voelt niet iedereen zo en dat vinden we jammer. De komende jaren gaan we vaker en meer zichtbaar maken dat de inspanningen die we leveren, de materialen die we daarbij gebruiken en het resultaat dat we daarmee bereiken, van en voor onze inwoners zijn.**

Als gemeente werken we samen met private partijen en andere overheden aan grote regionale en nationale projecten. We doen dit vanuit een gezamenlijke visie met bijbehorende acties, zoals in de vorm van een Europese lobby. We blijven ons inzetten voor de komst van de Lelylijn. De aanleg van de vaarweg zien we als een vanzelfsprekendheid.

We investeren in het aantrekkelijker maken van het centrum van Drachten. Ons centrum wordt compacter, met minder winkels en parkeerplaatsen en met meer groen en woningen. Een goede digitale verbinding is voor de samenleving een noodzakelijke behoefte. We willen in deze periode bereiken dat glasvezel in principe voor alle inwoners beschikbaar komt.

We willen in onze gemeente groen bewegen en groen beleven. Voor wat betreft de actualisering van het beheer van onze kapitaalgoederen houden we, in afwachting van nieuwe onderhouds- en vervangingsplannen, rekening met een structurele investering. Bij de herinrichting en vervangingswerkzaamheden van de openbare ruimte, zetten we realistisch en doelmatig in op meer ruimte voor water, vergroening en verduurzaming. De openbare ruimte moet uitnodigen tot bewegen, bijvoorbeeld door de aanleg van fietspaden en jeu de boules banen. Een groene en structureel schone omgeving levert een positieve bijdrage aan het welzijn van onze mienskip.

We willen een fietsvriendelijke gemeente zijn en nemen daarom maatregelen om de fiets meer ruimte te geven. We stellen een mobiliteitsplan op waarbij het gebruik van de fiets sterk wordt aangemoedigd en waarbij de verbinding wordt gelegd met gezondheid en sport. Het centrum van Drachten, waaronder het Raadhuisplein, wordt autoluw en in het mobiliteitsplan worden de effecten daarvan meegenomen.

Door de komst van het nieuwe zwembad aan de Sportlaan, moet de huidige verkeerssituatie van de Sportlaan en de Eikesingel en de inrichting van de openbare ruimte verbeterd worden. We stellen hier middelen voor beschikbaar.

Bij de vergroening van onze openbare ruimte hoort een maaibeleid dat zorgt voor een nette uitstraling binnen de bebouwde kom, met aandacht voor biodiversiteit. Daar waar mogelijk wordt samen met inwoners gekeken naar het verbeteren van de uitstraling binnen de bebouwde kom. In samenwerking met agrariërs kijken we hoe we, buiten de bebouwde kom, effectief aan bestrijding van exoten en inheemse planten kunnen doen. We onderzoeken of een – nauwere - samenwerking met andere overheden hiertoe tot de mogelijkheden behoort.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Mobiliteitsplan opstellen | € 50.000 | | | |
| Gebiedsprogramma Centrum | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 | € 400.000 |
| Actualisatie kapitaalgoederenbeheer | € 650.000 | € 650.000 | € 650.000 | € 650.000 |
| Flankerende projecten Sportlaan | | € 106.000 | € 106.000 | € 106.000 |



# 8. In feilige gemeente

**Feiligens en betrouwen foarmje de smaroalje foar de maatskippij: as minsken harren feilich witte en betrouwen ha, liedt dit ta mear wen- en libbenswille. We hawwe alle partners nedich om de feiligens en feiligensûnderfining fan ús ynwenners en ûndernimmers te hechtsjen en oan te trunen. Previnsje en in goede gearwurking yn it sosjaal domein geane dêryn foarop.**




We stimulearje de ferbinende en oplossingsrjochte wurkwize fan ús gemeentlike hanthavening. We fernimme yn it fieren fan de dialooch mei ûndernimmers en ynwenners yn sintrum, wiken en doarpen dat der noch mear berikt wurde kin. De koroanapandemy en it berop dat der sûnt dy tiid op ús BOA's dien wurdt, hawwe oantoand dat in fierdere professionalisearring nedich is.

By de ynrjochting fan de iepenbiere romte hâlde wy rekkenskip mei de feiligensûnderfining fan ús ynwenners en ûndernimmers. We binne tebekhâldend yn it ynsetten fan kamerafersjoch. Dit jildt ek foar it sintrum en op de Kaden. Der moat in terjochte grûnslach wêze foar de ynset fan kamerafersjoch. Dêr wêr't it echt nedich is, moat kamerafersjoch linich en mobyl ynset wurde kinne.

We jouwe ús jongerein de mooglikheden wêrmei't se de kâns krije en ûntjou hunsels. Dit dogge we middels it bieden fan perspektyf yn oplieding en wurk en troch sport- en ferieningslibben, kultuer en de iepenbiere romte.

De plysje docht har wurk fanút in tsjokke lokale grûnslach en is dêrby goed berikber, tagonklik en sichtber. We hechtsje deroan dat de plysje as ús gearwurkingspartner tarikkende kapasiteit hat om ûnderminende kriminaliteit tsjin te gean. We sille ús ynsette foar mear plysjekapasiteit yn Smellingerlân.

We wolle net mear coffeeshops yn Smellingerlân. De twa dy't der no binne is it maksimale oantal. We sille dwaan wat binnen ús berik leit om gniisgas te kearen út ús mienskip. It gebrûk fan gniisgas soe ferbean wurde moatte, mar dat is op grûn fan de Opiumwet fan no eilaas noch net mooglik.

De opkomst fan digitale kriminaliteit is in soarchwekjende ûntjouwing wêrby't we as gemeente op eigen manneboet hawwe om ferantwurdlik omgean mei dit nije oandachtsgebiet binnen it feiligensdomein. De gemeentlike organisaasje wurdt tarikkend ynrjochte om cyberoanfallen en datalekken tsjin te gean.

| Underwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Fersteviging iepenbiere oarder en feiligens | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 |
| Professionaliserring hanthavening | € 125.000 | € 125.000 | € 125.000 | € 125.000 |
| Iepenbiere oarder en feiligens | € 100.000 | | | |



Drachten Smallingerland
Meielkoar dogge wy mear

# 8. Een veilige gemeente

**Veiligheid en vertrouwen zijn de smeerolie voor de samenleving: als mensen zich veilig weten en vertrouwen hebben, betekent dit meer woon- en leefplezier. We hebben al onze partners nodig om de veiligheid en veiligheidsbeleving van onze inwoners en ondernemers te borgen en te bevorderen. Preventie en een goede samenwerking in het sociaal domein zijn daarbij leidend.**




We stimuleren de verbindende en oplossingsgerichte werkwijze van onze gemeentelijke handhaving. We zien in het voeren van de dialoog met ondernemers en inwoners in centrum, wijken en dorpen, dat er nog meer bereikt kan worden. De coronapandemie en het beroep dat er sindsdien op onze boa's wordt gedaan hebben aangetoond dat verdere professionalisering nodig is.

We houden bij de inrichting van de openbare ruimte rekening met de veiligheidsbeleving van onze inwoners en ondernemers. We zijn terughoudend in het inzetten van cameratoezicht. Dit geldt ook voor het centrum en op de Kaden. Er moet een goede grondslag zijn voor de inzet van cameratoezicht. Daar waar het echt nodig is, moet cameratoezicht flexibel en mobiel ingezet kunnen worden.

We geven onze jongeren mogelijkheden waarmee zij de kans krijgen zichzelf te ontplooien. Dit doen we door het bieden van perspectief via opleiding en werk en via sport- en verenigingsleven, cultuur en de openbare ruimte.

De politie doet haar werk vanuit een stevige lokale verankering en is daarbij goed bereikbaar, toegankelijk en zichtbaar. We hechten eraan dat de politie als onze samenwerkingspartner voldoende capaciteit heeft om ondermijnende criminaliteit tegen te gaan. Wij gaan ons inzetten voor meer politiecapaciteit in Smallingerland.

We willen niet meer coffeeshops in Smallingerland. De huidige twee is het maximale aantal. We doen wat binnen onze mogelijkheden ligt om lachgas te weren uit onze mienskip. Het gebruik van lachgas zou verboden moeten worden, maar is dat op grond van de huidige Opiumwet helaas nog niet mogelijk.

De opkomst van digitale criminaliteit is een zorgwekkende ontwikkeling waarbij we als gemeente de verantwoordelijkheid hebben om verantwoord om te gaan met dit nieuwe aandachtsgebied binnen het veiligheidsdomein. De gemeentelijke organisatie wordt adequaat ingericht om cyberaanvallen en datalekken tegen te gaan.

| Onderwerp | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Versteviging openbare orde en veiligheid | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 | € 300.000 |
| Professionalisering handhaving | € 125.000 | € 125.000 | € 125.000 | € 125.000 |
| Openbare orde en veiligheid | € 100.000 | | | |



Drachten Smallingerland
Samen doen we meer

# 9. Mienskipsjild

**De gemeentlike finânsjes steane al in tal jierren ûnder druk, trochdat de finansjering fanút de Ryksoerheid net syngroan rint mei de nije taken fanút dyselde oerheid. Foar in part komt it ek trochdat we sels as gemeente ús finânsjes op oarder oan it bringen binne. We fine it belangryk om realistysk en hoeden te siferjen en in solide finansjeel belied te fieren.**

We geane doelmjittich om mei de oanwêzige finansjele middels. We ynvestearje yn de ferbettering fan de finansjele stjoering en behearsking. Grûnslach is in struktureel slutende begrutting en in slutend mearjierrich perspektyf. In ûnwissichheid is de ûndúdlikens rûnom de strukturele middels, ôfkomstich fan it Ryk, dy't fanôf 2026 ta liede kinne dat we gjin slutend mearjierrich perspektyf mear wiermeitsje kinne. Dêrta ynisearje we in trochrinnend proses wêryn't we finansjele senario's útwurkje. Op grûnslach fan fuortskridend ynsjoch passe we de senario's jierliks oan.

Finansjeel sûn wêze is mear as allinich in struktureel slutende begrutting. Op grûnslach fan de yn kaart brochte risiko's by de begrutting en de jierrekken, wurdt de nedige wjerstânskapasiteit fêststeld. Utgongspunt is dat finansjele tsjinfallers binnen it programma opfongen wurde. We binne kritysk op projekten en de fasearing yn de tiid. Oars as foarhinne wurde foarútskode middels mei sin nei twa jier foar weroerwagings foarlein oan de gemeenterie. We sille dan ôfweegje oft de middels op oare wize ynsetten wurde moatte. We sjogge kritysk nei de needsaak fan ferfangings dy't earder yn bestek stiene.

Us útgongspunt is dat de lokale lêsten net mear stige as de ynflaasje. De OZB is net de earste oplossing as we sykje nei wizen om de begrutting slutend te krijen.

| Begruttingsromte | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Begjinstân begruttingsromte | 11.317 | 9.790 | 13.447 | 5.527 |
| Effekt beliedsfoarnimmens | -3.721 | -4.807 | -4.807 | -5.507 |
| Saldo begruttingsromte | 7.596 | 4.983 | 8.640 | 20 |

| Algemiene reserve | |
|---|---|
| Begjinstân Algemiene reserve | 21.662 |
| Effekt beliedsfoarnimmens | -5.040 |
| Saldo Algemiene reserve | 16.622 |





# 9. Mienskipsjild

**De gemeentelijke financiën staan al een aantal jaren onder druk doordat de financiering vanuit de Rijksoverheid niet synchroon loopt met de nieuwe taken vanuit diezelfde overheid. Deels komt het ook doordat we zelf als gemeente onze financiën op orde aan het brengen zijn. We vinden het belangrijk om realistisch en behoedzaam te begroten en een solide financieel beleid te voeren.**

We gaan doelmatig om met de aanwezige financiële middelen. We investeren in de verbetering van de financiële sturing en beheersing. Uitgangspunt is een structureel sluitende begroting en een sluitend meerjarenperspectief. Een onzekerheid is de onduidelijkheid rondom de structurele middelen, afkomstig vanuit het Rijk, die er vanaf 2026 toe kunnen leiden dat we geen sluitend meerjarenperspectief kunnen realiseren. Daartoe starten we een continu proces waarin we financiële scenario's uitwerken. Op basis van voortschrijdend inzicht passen we de scenario's jaarlijks aan.

Financieel gezond zijn is meer dan alleen een structureel sluitende begroting. Op basis van de in kaart gebrachte risico's, bij de begroting en de jaarrekening, wordt de benodigde weerstandscapaciteit vastgesteld. Uitgangspunt is dat financiële tegenvallers binnen het programma worden opgevangen.

We zijn kritisch op projecten en de fasering in de tijd. Anders dan voorheen worden vooruitgeschoven middelen expliciet na twee jaar ter heroverweging voorgelegd aan de gemeenteraad. We gaan dan afwegen of de middelen op een andere manier ingezet moeten worden. We kijken kritisch naar de noodzakelijkheid van de geplande vervangingen.

Ons uitgangspunt is dat de lokale lasten niet meer stijgen dan de inflatie. De OZB is niet de eerste oplossing als we kijken naar manieren om de begroting sluitend te krijgen.

| Begrotingsruimte | 2023 | 2024 | 2025 | 2026 |
|---|---|---|---|---|
| Beginstand begrotingsruimte | 11.317 | 9.790 | 13.447 | 5.527 |
| Effect beleidsvoornemens | -3.721 | -4.807 | -4.807 | -5.507 |
| Saldo begrotingsruimte | 7.596 | 4.983 | 8.640 | 20 |

| Algemene reserve | |
|---|---|
| Beginstand Algemene reserve | 21.662 |
| Effect beleidsvoornemens | -5.040 |
| Saldo Algemene reserve | 16.622 |



# Portefúljeferdieling
# kolleezje Smellingerlân 2022-2026
# en yndieling wyk- en doarpswethâlders



**Boargemaster Jan Rijpstra**

- Iepenbiere Oarder en Feiligens
- Ynformaasjefeiligens/Privacy/Algemiene Feroardening Gegevensbeskerming
- Basisregistraasje Persoanen (BRP), Basisregistraasje Adressen en Gebouwen (BAG) en Basiskaart Grutskalige Topografy (BGT)
- Foarljochting, kommunikaasje en internasjonale betrekkings
- Personiel en organisaasje
- Ynwenners sintraal en iepen bestjoersstyl: gearwurking ried/kolleezje, soarchfâldich proses beswier- en klachtôfhanneling, jurydyske kwaliteitssoarch, kwaliteit boargerpartisipaasje



**Wethâlder Maria le Roy** *(GL en FNP)*

- Duorsumens (ek klimaatadaptaasje, sirkulêre ekonomy en miljeu)
- Frysk taalbelied
- Keunst, kultuer en erfguod
- Ferkear en ferfier
- Fysike libbensomjouwing (ynklusyf wetter en rioalering)
- Fergunnings, Tafersjoch en Hanthavening
- Tredde lokoboargemaster



**Wethâlder Robin Hartogh Heys van de Lier** *(CDA)*

- Romtlike Oardening (ynklusyf Omjouwingsplannen)
- Ekonomyske Saken (ekonomyske ûntwikkeling, akwisysje, festigingsklimaat en wurkgelegenheid)
- Bestjoerlike gearwurking (ek yn relaasje ta ekonomyske ûnderwerpen: regio, F4, provinsje Fryslân en ynnovaasjekluster Drachten)
- Gearwurkingsaginda en ynvestearingsaginda mei provinsje Fryslân
- Grûnsaken
- Wenjen
- Earste lokoboargemaster



**Wethâlder Sipke Hoekstra** *(VVD)*

- Finânsjes
- Bedriuwsfiering
- Control, ferbysûndere ynterne kontrole
- Ynkeap en oanbesteging
- Programma GOED
- Strategyske gearwurking (ynklusyf City making en Iepen Drachten)
- Rekreaasje en Toerisme
- ICT, ynformaasjebelied en datadreaun wurkje
- Fjirde lokoboargemaster



**Wethâlder Pieter van der Zwan** *(ChristenUnie)*

- Sosjaal Domein (Wmo, Jeugd, Participaasjewet, Wsw)
- Earmoedebelied
- Lokaal wolwêzen- en sûnensbelied
- Underwiis (ynklusyf gearwurking O3)
- Sport
- Twadde lokoboargemaster

## Ferdieling wiken en doarpen

| Hartogh Heys van de Lier | Van der Zwan | Hoekstra | Le Roy |
|---|---|---|---|
| Sintrum | De Folgeren | De Drait | De Wiken |
| Drachtsterfeart | Fennepark | De Singels | De Feanen |
| De Trisken | Burmaniapark/Frijburgh | De Swetten | De Bouwen |
| Himsterhout | Aldegea | De Feanhoop | Noardeast |
| De Pein | Drachtster Kompenije | Smelle Ie | De Rottefalle |
| De Tike | Houtigehage | Goaiingahuzen | Koartehimmen |
| Nijega | De Wylgen | | Boarnburgum |

# Portefeuilleverdeling college Smallingerland 2022-2026 en indeling wijk- en dorpswethouders



**Burgemeester Jan Rijpstra**

- Openbare Orde en Veiligheid
- Informatieveiligheid/Privacy/Algemene Verordening Gegevensbescherming
- Basisregistratie Personen (BRP), Basisregistratie Adressen en Gebouwen (BAG) en Basiskaart Grootschalige Topografie (BGT)
- Voorlichting, communicatie en internationale betrekkingen
- Personeel en organisatie
- Inwoners centraal en open bestuursstijl : Samenwerking raad/college, zorgvuldig proces bezwaar- en klachtafhandeling, juridische kwaliteitszorg, kwaliteit burgerparticipatie



**Wethouder Maria le Roy** *(GL en FNP)*

- Duurzaamheid (ook klimaatadaptatie, circulaire economie en milieu)
- Fries taalbeleid
- Kunst, cultuur en erfgoed
- Verkeer en vervoer
- Fysieke leefomgeving (inclusief water en riolering)
- Vergunningen, Toezicht en Handhaving
- Derde locoburgemeester



**Wethouder Robin Hartogh Heys van de Lier** *(CDA)*

- Ruimtelijke Ordening (inclusief Omgevingsplannen)
- Economische Zaken (economische ontwikkeling, acquisitie, vestigingsklimaat en werkgelegenheid)
- Bestuurlijke samenwerking (ook in relatie tot economische onderwerpen: regio, F4, provincie Fryslân en innovatiecluster Drachten)
- Samenwerkingsagenda en investeringsagenda met provincie Fryslân
- Grondzaken
- Wonen
- Eerste locoburgemeester



**Wethouder Sipke Hoekstra** *(VVD)*

- Financiën
- Bedrijfsvoering
- Control, verbijzonderde interne controle
- Inkoop en aanbesteding
- Programma GOED
- Strategische samenwerking (inclusief City making en Open Drachten)
- Recreatie en Toerisme
- ICT, informatiebeleid en datagedreven werken
- Vierde locoburgemeester



**Wethouder Pieter van der Zwan** *(ChristenUnie)*

- Sociaal Domein (Wmo, Jeugd, Participatiewet, Wsw)
- Armoedebeleid
- Lokaal welzijn- en gezondheidsbeleid
- Onderwijs (inclusief samenwerking O3)
- Sport
- Tweede locoburgemeester

## Verdeling wijken en dorpen

| Hartogh Heys van de Lier | Van der Zwan | Hoekstra | Le Roy |
|---|---|---|---|
| Centrum | De Folgeren | De Drait | De Wiken |
| Drachtstervaart | Fennepark | De Singels | De Venen |
| De Trisken | Burmaniapark/Vrijburgh | De Swetten | De Bouwen |
| Himsterhout | Oudega | De Veenhoop | Noordoost |
| Opeinde | Drachtstercompagnie | Smalle Ee | Rottevalle |
| De Tike | Houtigehage | Goëngahuizen | Kortehemmen |
| Nijega | De Wilgen | | Boornbergum |

Meielkoar dogge wy mear

Samen doen we meer

Drachten | Smallingerland